

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: S. Posthumus, FNP
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, op grûn fan kêst 30 Reglemint fan Oarder

Steategearkomste	11-11-2020
Wurklistpunt	Provinsjale Begrutting 2021, Stresstest begrutting 2021 en begrutting fûns neisoarch stoartplakken Fryslân
Koarte titel fan de moasje	<b>Utfiering foarnimmen sichtberens Frysk</b>
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op de 11<sup>e</sup> fan slachtmoanne 2020, heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- It rapport 'Frysk yn de ekonomy' oplevere is mar dat de útwurking en útfiering fan oanbefellings op him wachtsje lit (2<sup>e</sup> Berap, programma Mienskip);</li><li>- In soad Fryske gemeenten op it stuit yn tsjok finansjeel waar sitte;</li><li>- Ien fan de foarnommen resultaten fan it bestjoersakkoart is it gebrûk fan it Frysk troch ynwenners, bedriuwen, ynstellings en oerheden te stimulearjen om sa tde sichtberens te ferbetterjen</li></ul> <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- Gemeenten, mar ek bedriuwen en ynstellings it finansjeel dreech hawwe en jild dan in argumint wêze kin om neat te dwaan ek al is der in Frysk taalbelied fêststeld;</li><li>- Der in besteande provinsjale regeling 'Meiinoar foar it Frysk' is dy't gemeenten en oare Fryske bestjoersorganen helpe kin om harren taalbelied, mei rjochte op lokale bedriuwen, ynstellingen en ynwenners en op de lokale sichtberens fan it Frysk út te fieren en dêrmei te foldwaan oan de betingsten fan de Wet gebrûk Fryske taal;</li><li>- Der genôch ambysjes binne, sjoch bygelyks de unanime moasje yn Noardeast Fryslân foar Fryske plaknammen en tal fan bedriuwen en ynstellings dy't it Frysk en de streektalen brûke wolle by opskriften en oare uteringen;</li><li>- It no by dy gemeenten mar ek by de bedriuwen en ynstellingen dêr't it lokale belied him op rjochtet faak op mar in pear tûzen euro heakket wat de útfiering fan it taalbelied oanbelanget;</li><li>- Mei provinsjale stipe, sawol finansjeel as mei wat help of stimulâns, jo yn de regio hiel wat út de wei sette kinne;</li></ul>	

## MOASJE

<p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- Gemeenten, wetterskip, supermerken, ynstellings en bedriuwen aktyf te ynformearjen en te stimulearjen om it Frysk sichtber te meitsjen;</li><li>- Harren dêrby ek te wizen op besteande (subsydzje-)regelingen, oersetters fan teksten, goede praktykfoarbylden;</li><li>- De oanbefellings út it rapport 'Frysk yn de ekonomy' mei te nimmen yn de útfiering;</li><li>- PS fan Fryslân foar novimber 2021 en as dat nedich is tuskentiids te ynformearjen oer de útfiering fan dizze moasje en de ynset fan jild</li></ul>
<p>en gear oer ta de oarder fan de dei</p>

<p>Yntsjinner(s)</p>	<p>FNP, S. Posthumus</p>
----------------------	--------------------------